aksjegroep

Te Mâl

06-41284993, aksje-temal@hotmail.com, www.temal.tk

P E R S B E R I C H T

Leeuwarden, 5 april 2005

Te Mâl woedend:
gelijke onderwijsdoelen Fries en Nederlands 'in stilte' toch losgelaten

De actiegroep Te Mâl is woedend op Gedeputeerde Staten van Friesland. Het dagelijks bestuur van de provincie heeft met minister Van der Hoeven van onderwijs afgesproken dat de Friese basisscholen zelf mogen bepalen naar welk niveau van beheersing van het Fries zij streven. Daarmee wordt de officiële gelijke status van Fries en Nederlands op de basisschool losgelaten.

Te Mâl heeft de afgelopen maanden actie gevoerd tegen plannen van GS om het streefniveau voor Fries te verlagen. De actievoerders kregen steun van Provinciale Staten. De verantwoordelijke Statencommissie Boarger & Mienskip stelde zich op 10 maart op het standpunt dat de gelijke status van de schooltalen Fries en Nederlands moest blijven. Op 16 maart besloten PS in hun plenaire zitting dat standpunt in een brief aan minister Van der Hoeven van onderwijs te verwoorden.

Nu blijkt dat Commissaris van de Koningin Nijpels al op 14 maart het zogenaamde *uitvoeringsconvenant Friese taal en cultuur* heeft ondertekend. De provincie en diverse ministeries verdelen daarin een aantal taken op het gebied van Fries taal- en cultuurbeleid. Afgesproken is dat de minister van onderwijs verschillende streefniveaus voor het Fries vaststelt, waaruit scholen kunnen kiezen.

Elbrecht Claus van Te Mâl noemt het een belediging van de democratie dat Nijpels het stuk heeft ondertekend op een moment waarop al duidelijk was dat PS grote bezwaren hadden tegen de invoering van wettelijke ongelijkheid van Fries en Nederlands. "Hoe moatte wy sa fertrouwen yn de polityk hâlde?" aldus Elbrecht Claus. Eerder wees Te Mâl al op internationale afspraken die zouden worden geschonden als de leerdoelen voor het Fries werden verlaagd.

Het verbaast Te Mâl erg, van Statenleden te horen dat zij tijdens de Statenzitting van 16 maart nog niet op de hoogte waren van de ondertekening van het convenant. Te Mâl heeft de indruk dat GS hun plannen 'in stilte' gewoon hebben doorgedrukt. Te Mâl vraagt PS in een vandaag verstuurde brief om gebruik te maken van de mogelijkheid om het convenant op te zeggen. De actiegroep pleit voor nieuwe afspraken tussen het rijk en de provincie, die recht doen aan het standpunt van PS. Daarbij wijst Te Mâl op uitspraken van minister Remkes van Binnenlandse Zaken, die het Friese provinciebestuur de ruimte geeft om zelf een taal- en cultuurbeleid te bepalen.

In de bijlage vindt u een kopie van de brief aan PS.

aksjegroep

Te Mâl

06-41284993, aksje-temal@hotmail.com, www.temal.tk

P A R S E B E R J O C H T

Ljouwert, 5 april 2005

Te Mâl poerlilk:
gelikense ûnderwiisdoelen Frysk en Nederlânsk dochs 'temûk' loslitten

De aksjegroep Te Mâl is poerlilk op Deputearre Steaten fan Fryslân. It deistich bestjoer fan de provinsje hat mei minister Van der Hoeven fan ûnderwiis ôfpraat dat de Fryske basisskoallen sels útmeitsje meie hokfoar nivo fan behearsking fan it Frysk oft se neistribje. Dêrmei wurdt de offisjele gelikense status fan Frysk en Nederlânsk op 'e basisskoalle loslitten.

Te Mâl hat de ôfrûne moannen aksje fierd tsjin plannen fan DS om foar it Frysk nei in legere behearsking te stribjen as no it gefal is. De aksjefierders krigen stipe fan Provinsjale Staten. De ferantwurdlike Steatekommisje Boarger & Mienskip kaam op 10 maart ta it einsluten dat de gelikense status fan de skoaltalen Frysk en Nederlânsk bliuwe moast. Op 16 maart besleaten PS yn har miene gearkomste om dat einsluten yn in brief oan de minister Van der Hoeven fan ûnderwiis te ferwurdzjen.

No docht bliken dat Komsaris fan de Keninginne Nijpels al op 14 maart it saneamde *útfieringskonvenant Fryske taal en kultuer* ûnderskreaun hat. De provinsje en ûnderskate ministearjes ferpartsje dêryn in stikmannich taken op it mêd fan Frysk taal- en kultuerbelied. Ofpraat is dat de minister ferskillende nivo's foar de behearsking fan it Frysk fêststelt en dat skoallen kieze kinne nei hokker nivo oft se stribje.

Elbrecht Claus fan Te Mâl neamt it in mislediging fan de demokrasy dat Nijpels it stik ûnderskreaun hat op in stuit dat al dúdlik wie dat PS grutte beswierren hienen tsjin it útstel om in wetlike ûngelikensens fan Frysk en Nederlânsk yn te fieren. "Hoe moatte wy sa fertrouwen yn de polityk hâlde?" freget frou Claus har ôf. Earder wiisde Te Mâl al op ynternasjonale ôfspraken dy't skeind wurde soenen as de leardoelen foar it Frysk ferlege waarden.

It fernuveret Te Mâl frijwat en hear fan Steateleden dat se yn de de Steatesitting fan 16 maart noch net op 'e hichte wienen fan it ûnderskriuwen fan it konvenant. Te Mâl hat de yndruk dat DS harren plannen 'temûk' gewoan trochdrukt ha. Te Mâl freget PS hjoed yn in brief om gebrûk te meitsjen fan de mooglikheid om it konvenant op te sizzen. De aksjegroep pleitet foar nije ôfspraken tusken it ryk en de provinsje, dy't rjocht dogge oan it stânpunt fan PS. Dêrby wiist Te Mâl op útspraken fan minister Remkes fan Binnenlânske Saken, dy't it Fryske provinsjebestjoer de romte jout om sels in taal- en kultuerbelied te bepalen.

In kopy fan it brief oan PS is taheakke.

aksjegroep

Te Mâl

06-41284993, aksje-temal@hotmail.com, www.temal.tk

Provinsjale Steaten fan Fryslân
o.f. de kommisje Boarger & Mienskip
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Underwerp: kearndoelen Frysk yn it útfieringskonvenant Fryske taal en kultuer

Ljouwert, 5 april 2005

Achte Steateleden,

De kommisje Boarger & Mienskip hat him op 10 maart útsprutsen tsjin de oanpassing fan de kearndoelen Frysk yn it basisûnderwiis, sa't dy ferwurde is yn de nota *Herziening doelstellingen Fries in het primair onderwijs*. Op 16 maart ha Provinsjale Steaten de behanneling fan dy nota fan de wurklist helle en besletten om de minister fan ûnderwiis mei te dielen dat se winskje dat de prinsipes fan lykweardigens en lykberjochtiging fan Frysk en Nederlânsk yn de kearndoelen foar it basisûnderwiis ta útdrukking brocht wurde.

Wy binne ferwûndere en lilk dat komsaris fan de keninginne Nijpels op 14 maart, dus tusken de B&M-gearkomste en de Steatesitting yn, it *útfieringskonvenant Fryske taal en kultuer 2005* yn syn úteinlike foarm ûndertekene hat. Yn dy úteinlike foarm wurdt gjin rekken holden mei it stânpunt fan de kommisje B&M, en ek net mei it feit dat PS noch gjin útspraak oer de kearndoelekwestje dien hienen. Wichtige punten út de nota dêr't jim as folksfertsjintwurdigers krityk op hienen, binne sûnder wiziging yn it útfieringskonvenant opnaam. Wy binne fan betinken dat DS de Steaten dêrmei in snútslach jûn ha. Fierders hat de hantekening fan komsaris Nijpels ûnder it útfieringskonvenant ús fertrouwen yn de provinsjale polityk in rare knoei jûn.

De ôfspraken dêr't komsaris Nijpels him út namme fan DS oan ferbûn hat, omfetsje de neikommende: (sitaten út it útfieringskonvenant mei ynspringen en *kursyf*)

> *2.3.2 Yn jannewaris 2004 hat de Provinsje oan alle basisskoallen yn Fryslân in opset foar in taalbeliedsplan beskikber steld. [...] It taalbeliedsplan is in ûnderdiel fan it*

kwaliteitsbelied fan de skoalle. De neikommende ûnderwerpen binne dêr, hieltyd foar in tiidrek fan trije jier, yn útwurke:
- de kearndoelen dy't de skoalle berikke wol en hoe't dy útfierd wurde;
[...]
De Provinsje stelt op grûn fan de taalbeliedsplannen it ambysjenivo fan de skoallen fêst.

De boppesteande útspraak hâldt yn dat skoallen, lykas yn de nota ferwurde wurdt, kieze kinne foar in seleksje út de kearndoelen en dat se op basis dêrfan foar de behearsking fan it Frysk in ambysje fêststelle kinne dy't leger leit as wannear't, lykas foar it Nederlânsk, alle kearndoelen meiïnoar de ferplichte ambysje foarmje. Dêrtroch krije skoallen doch de romte om te differinsjearjen neffens ambysjenivo, ynstee fan dat se alle bern lykweardich en heechweardich ûnderwiis yn 'e beide rykstalen biede. Dat is net yn 't lyk mei it stânpunt dat de Steaten op 16 maart ynnaam ha.

2.3.3. Yn minder as trije moanne neidat de Minister fan OCW de nije kearndoelen foar it primêr ûnderwiis bekend makket, stelt de Provinsje fêst hoe't it eigen foech om ûntheffing fan de kearndoelen Frysk te jaan, konkreet makke wurdt. Dêrby wurdt fan ûnderskieden doelstellings útgien, dêr't Frysk as fak- en fiertaal oan 'e oarder komt. De Minister fan OCW stelt yn 2005 nije kearndoelen foar Frysk yn it primêr ûnderwiis fêst en hâldt dêrby rekken mei it systeem fan ûnderskieden doelstellings dat Fryslân brûkt.

Under it hjirboppe oanhelle punt wurdt eksplisyt sein dat útgongen wurdt fan 'ûnderskieden doelstellings'. Ut de Nederlânske ferzje fan it konvenant docht bliken dat dêrmei 'differinsjearre doelstellings' bedoeld wurde. Dat betsjut fannijs dat skoallen it rjocht krije om legere doelstellingen foar Frysk fêst te stellen as foar Nederlânsk. Alhielendal poerlilk binne wy fanwegen de lêste sin, dy't seit dat Fryslân in systeem fan ûnderskieden (=differinsjearre) keandoelen brûkt. It is ús net dúdlik wa't yn dy sin mei 'Fryslân' bedoeld wurde, mar neffens ús brûkt net ien yn Fryslân in systeem fan skieden doelstellings. Boppedat wie nei de útspraak fan de kommisje B&M op 10 maart op syn minst dúdlik dat de Fryske folksfertsjintwurdiging net entûsjast wie oer dat systeem fan ûnderskieden doelstellings.

Wy binne ús der bewust fan dat it foech foar de fêststelling fan de kearndoelen foar it basisûnderwiis by de minister fan ûnderwiis leit. Wy binne ús der ek bewust fan dat DS fan Fryslân it rjocht hienen om it útfieringskonvenant mei de ryksbestjoerders te sluten. It kin yn ús eagen lykwols moreel net troch de mesken dat DS akkoart gongen binne mei in tekst dy't te'n ûnrjochte brede stipe foar de nota *Herziening doelstelling etc.* suggerearret, dy't yngiet tsjin it op 14 maart bekende stânpunt fan B&M en dy't opsteld wie foardat PS oer de nota gear west hienen.

Wy meitsje ús soargen oer de ienheid fan it provinsjaal taalbelied, no't DS mei it sluten fan it útfieringskonvenant in folslein oar sinjaal ôfjûn ha as PS mei harren brief oer de kearndoelen oan de minister fan ûnderwiis. Wy freegje jim as leden fan PS om DS de opdracht te jaan it konvenant op te sizzen. Dat is mooglik neffens punt 9.3 fan it konvenant. Fierders freegje wy jim om DS de opdracht te jaan by de minister fan ûnderwiis oan te stean op gelikense kearndoelen foar Frysk en Nederlânsk yn it basisûnderwiis.

Wy ferwize nei de taspraak fan minister Remkes by de ûndertekening fan it konvenant, dêr't er yn sei dat it ryk wat it Frysk oangiet in tebekhâldend belied fiert en dat it de taak fan de Friezen en it provinsjaal bestjoer fan Fryslân is om te bepalen hoe't it belied op it stik fan Fryske taal en kultuer derút sjen moat. De rol fan it ryk is dêrby neffens Remkes allinnich mar oanfoljend en fasilitearjend. Wy ferwachtsje yn it ljocht fan dy útspraak dat de minister fan ûnderwiis har by it fêststellen fan nije kearndoelen foar it Frysk yn it basisûnderwiis sterk beynfloedzje lit troch in dúdlik provinsjaal stânpunt. As jim op ús fersiken yngeane, nimme jim sa'n dúdlik stânpunt yn.

Mei freonlike groetnis,
út namme fan de aksjegroep Te Mâl

Elbrecht Claus,
foarsitter

Kopyen nei: DS, parse